

Myn moaiste rigels – Geart fan der Mear

1. Har earizer blinkt yn de sinne fier SF 11
2. De loft is ek sa moai en klear
En de wyn waait út it easten. SF 13
3. Dêr stiet hja no stil yn 'e moaie dei
En sjocht oer it fjild om har hinne,
En laket ris tsjin 'e lytse bern,
Dy't troch 'e buorren rinne. SF 17
4. En lokkich hy dy't, wurch fan 't sjen, bewarre
It sieleprint fan moai yn jonkheid garre! SF 22
5. Yn bernetiid is alle libben wille SF 23
6. De kowewazem lûkt troch d'iepen doar omheech. SF 31
7. En fan 't miedlân kaam as pypkeniel
De rook fan it hea oanwaaien. SF 34
8. En dy't oan 't Frysk syn tinzen tabetrout,
Dy hoecht gjin rom of eare te ferlangen. SF 40
9. De wjerskyn bliuwt, hoe djip de tiid fersinkt. – SF 43
10. Fan leechste sinnen komt de djipste fieling SF 47
11. Mar feint of man, dat is swierder stik,
Dat litte de measten sitte. SF 60
12. En troch it lytse finster dûnset
Yn 't stof in lichte sinnestriel. SF 63
13. Dit is it suverst lok: de tinzen gean te litten
Ut farkjen sûnder hâld. SF73
14. – Want kleie oer 't ferlerne is fan lok 't begjin. – SF 81
15. Ljochte ierde wie myn leafde
Mei har hertslach gong myn hert. SF 87
16. O poezije' siel en djipste boarn':
It doe yn 't hjoed wer wûn; ta skiente brocht
Wat net as libben wie! Wa klaget dan
Om wat fergong? It stiet yn heger ljocht! SF 135
17. De froastwyn strykt oer 't reid,
En oars gjin lûd as eigen flugge skek. SF 151

18. In klompke libben dat wringt en rikt
Yn begearens twang ferlern. SF 200
19. De faam is by buormans faam om de feint wat te pleagjen SF 206
20. Ik freesde noch foar in polysjeman, mar hy liet my yn wêzen. SF 216
21. ‘Myn P...’ hearde ik him doe sizzen, en dy wurden haw ik bewarre. SF 222
22. Net opmakke as in byld, mar sa’t de siele it oanbringt. SF 222
23. De siele giet syn wegen, wûnd’re tocht
Troch it wide gea.
En fynt, en wol gjin rêst oant tiidsein komt. SF 230
24. En as er wer stil is, en Koarnwert slacht de holle net sa mear,
Dan sil er sizze: by my is er weikomd en by my komt er wer. SF 232
25. Wat bin ik mear as d’ierde dêr ‘k fan kaam? SF 241
26. Ommers, jimm’ witte, it is mei it Frysk wat oars as mei in echte taal; SF 250
27. En al praat ik der sa net oer, ik haw dochs ek de groeden,
dy’t spyt der yn dreaun hat. SF 250
28. Ik bin wol âld mar net earwurdich. SF 252
29. En ik tink Eckermann soe besauwe, as him sok spul fan my
ûnder de eagen kaam. SF 252
30. Mar as it libben op jin takomt en de âlderdom hat frijmakke? SF 252
31. De sinne hâldt syn ljochte himmelgong,
En minske’ hert syn wûnderlik begear. SF 254
32. En siele hat – o dream yn simmerlân –
Yn ierdske begean fan it tideleaze wûn. SF 254
33. It is in minske, iepener op dichters baan
As wenst wol ha woe, fij fan skuttend byld;
Hy jout him oer oan dy’t ta ‘t libben giet,
In feint, in bern, en sûnder pols of skyld. SF 254
34. Mar sa’n fers wol nei de minsken ta,
...
En effen in glim jaan yn donker keamerromt’ SF 259
35. No stean ‘k as heiden slein oan tsjerkeweach. SF 260
36. Sa mei it wêze dat in selde liet
Sjongt God en leafde, heitelân, natoer. SF 260
37. En dan wer de man op syn stoel, dy’t mei it tou de hikke foar
my iepen lûkt. SF 267

38. En mear ferskynt: ‘k sjoch heit’ en memme tiid,
Har freugden byldzjend tsjin ‘e klearre loft;
Fier bûten hjoed en syn benearjend stik,
Ut wan-kâlt wei en roppers lûd geroft.
39. .. Mar by in pôle gers kamen de triennen my yn de eagen SF 282
40. Foarút? Omheech? Hjir is de heechste bloei,
In goddelike glim yn ’t al-ferfoljend hjoed. SF 317
41. In paad yn ‘e finne, dêr’t oan wjerskanten de klaver opbollet –
Kinste it litte der in hânfol ôf te skuorren? - SF 323
42. En de lepen soenen my útlaitsje as ik it leechlân ynkaam om nei har aaien te sykjen.
SF 374
43. Nee, ik bin net botte ernstich; mar wat in licht âld mantsje.
Mar in ernstich âld man, dat is ommers as in profeet; SF 374
44. Mar it is ek memme fleurige jonkheid sa’t hja meiinoar yn de moanneskyn de opfeart
del ride SF 376
45. Earst de âlderdom hat mei wat wiisheid oerwinne kinnen,
En foar wat ‘moai en suver’ hjitte, hat hja de dingen fan de minske steld. SF 377
46. En no sit ik hjir mei myn beide stokken nêst mij, yn de waarme strieling dy’t de
himmel jout,
En de wyn, dy’t fan de ierde is, bringt my it libben bewegen fan de beamtûken. SF
378.
47. Mar in ernstich âld man, dat is ommers om skou foar te wêzen. SF 384
48. Der binne Fryske fersen wêrfan ik, eltse kear as ik se wer sjoch, sis: wat is dat moai!
SF 389
49. Mar ik sis: ‘Kom do mar ris op mei in poëem fan dyn Masters dat my mear docht as
dizze Fryske fersen.’
En dan hat er neat mear te sizzen. SF 389
50. – O, dy Keats dy’t op in hikke springt om de ‘floed fan it lân’ te sjen as de wyn oer de
raaien strykt! SF 395